

[0008] CLAUDE FONTEYNE, PARISIENSIS.

Der hinget in romantyske gloede om forskate fan de Fryske printers út 'e 17de ieu; it wiene dan ek útlanners in hopen tiden, lyk as de nammen útwize: Starter en Van Haringhouck ¹⁾, Claude Fonteyne en Jacobus Hagenaar, om in pear to neamen. Der is ek hwat fan Oranje mei mank, miskien; sa posityf as Wumkes (Paden I s. 391) sil men yn alle gefal net mear wêze: 'Dêrom noege greve Willem Lodewyk de dichter Starter nei Fryslân, greve Ernst Casimir de útjower Claude Fonteyne en Albertina Agnes de printer Jacobus Hagenaar.'

Yn de Magnus-útjefte fan Ansch in Houck ²⁾ wurdt, op groun fan in artikel fan Juff. R. Visscher, meidield, dat Abraham van den Rade, de Ljouwerter útjower, stoar yn 1621 of bigjin 1622, omdat yn 1622 al in fers by de widdou printe wurdt en dat Claude Fonteyne yn 1624 mei dy widdou troude. Dêr kin ik nou oan tafoegje, dat (sj. Telling, Reg. Arch. Franeker 740) yn 1621 'ordonnantiën op de verpachting der brieven' printe wurde 'bij Claude Fonteyne te Leeuwarden'; dat soe der op wize kinne, dat van den Rade yn 1621 forstoarn wie. Eardere útjeften fan Claude Fonteyne binne by myn witten net bikend, mar faeks wit Ds. Kalma, dy't mei in skiednis fan de Fryske boekprinters toset is, mear.

Claude Fonteyne is foar ús binammen fan bilang om syn forbining mei Gysbert Japicx. Hy jowt dy syn 'Friesche Tjerne' út (it iennichste fers, dat apart printe waerd by it libben fan de dichter), lyk as er ek de 'Woutir in Tialle' fan Johan van Hichtum en de 'Friesche Boere-practi-

1) *R.S. Roarda* (Earebondel Dr G.A. Wumkes s. 139) wol net oan Ingelsk komôf.

2) Ansch in Houck, mei ynlieding en oanteikeningen fen J.H. Brouwer en *W.G. Hellinga*, Boalsert 1935, s.9. fl. ek *W.G. Hellinga*, Friesche drukken uit de 17de eeuw yn: Het Boek, selde jier.

ca' fan Petrus Baerdts yn 't ljocht jown hie. Op oanstean fan Gysbert Japicx? D. Kalma, yn syn dissertaasje³), ûnderstelt it en hwerom soe it net wier wêze kinne!

Oan him, Claude Fonteyne, draecht Gysbert syn 'Friesche herder' op (Wirken 1936 s. 93) mei in fers, dêr't er it yn hat oer de freonskip, dy't oan it 'forkâldzjen' rekket, as se net ûnderhâlden wurdt en en dêr't er iepen seit, dat it him min nei 't sin is, dat hja inoar yn lang net sjoen hawwe. It fers bislút mei de rigels

'In schiedt my de onfortjienne eer,
Dat y't mey njue lezze', ick bejear
Seyn' my, fen jôn Dicht, hette weer.'

Fonteyne wie dus, bihalve freon ta Gysbert Japicx en útjower fan gâns in rige boeken (mei rjocht en reden hat Wumkes it yn syn Bodderts s. 247 oer 'pronkstikken fan Fryske boekprintkunst.') sels ek dichter.

Hwat er skreaun hat? Mar och sa'n bytsje witte wy dêr fan. Foar de oersetting fan H. Harinxma nei de Spaenske Francisco de Quevedo (yn 1641 by himsels forskynd) skriuwt er in opdrachtfer, as alle opdrachtfersen út dy tiid. En dan wurdt er oansjoen op 'De politijcke Kuyper onzes tijds', in fers dat yn 1647, by him útkaem, omdat er de forklearring fan de titelplaat ûndertekene. Mar dan hâldt it ek hurd op. En dochts soene wy graech mear witte wolle fan de man syn literair wurk, al wie it mar om oerienkomst en ûnderskie mei Gysbert Japicx sines better oanjaen to kinnen.

Hokker formidden fortsjinwurdiget dy printer-útjower-dichter mei syn Frânske namme, dy't himsels Parisiensis neamt? Soms komt it tafal en helpt in hantsje mei. Yn it register op it rike wurk fan *P.J. Meertens*, Letterkundig leven in Zeeland in de 16de en de eerste helft der 17de eeuw, Amsterdam 1943, stuitet men op de namme Claude Fonteyne. Yn Goes, docht it bliken, bistie sûnt de 2de helte fan de 15de ieu in rederikerskeamer, by namme de 'Nardusbloem'; oan de ein fan de 16de en it begjin fan de 17de ieu wie der noch in twadde, de 'Edele Castanienbloem.' Meertens ûnderstelt, dat dy lêste de Rooms-Katholiken ta leden hie⁴). Yn 1630 waerden de beide keamers fan 'e magistraet gearfoege.

Yn 1620 wiene de Nardus-rederikers út Goes fortsjinwurdige op 'e lângeanne fan de 'Peoene' yn Mechelen; ien fan har leden krige dêr de twadde priis 'vant beste liedeken.' It is printe yn 'De Schadt-kiste der Philosophen' (Mechelen 1621) mei in referein fan *Claude Fonteyne*, ek lid fan 'e keamer⁵). ûnder de spreuk 'Ick dorst naer een'.

Alsa: Claude Fonteyne (hwant it soe al mâl wêze, as dit op in oarenien slacht as op ús printer) mei út Parys komme, hy hat ûnderweis nei

3) Gysbert Japiks, in stúdzje yn dichterskip. Dokkum 1938, s. 44.

4) Mar 'De Schadt-kiste der Philosophen' is troch de censor librorum suvere fan forgripen tsjin de katholike leare en dêryn stiet krekt it wurk fan de Nardus-leden.

5) Neffens Meertens, faeks omdat syn referein yn de 'Schadt-kiste' folget op it lietsje út Goes. It stiet, mei twa oaren, ûnder de titel 'Peticulier'. Folslein wis is alsa net, tinkt my, al hat it alle eigenskip, dat Claude Fonteyne doe yn Goes wenne.

Ljouwert ek yn Goes tahâlden en bihearske ± 1620 it Nederlânsk sa goed, dat syn referein yn 'e neamde bondel in plakje krije koe. Dat er rederiker wie en sa'n moaije kenspreuk hie is ek fan bilang, foar de kennisse fan de man sels en foar dy fan de milieu-ynfloeden op Gysbert Japicx. Om't wy fan in inkeld fers mar wissichheit oer it skriuwerskip hawwe, nimme wy hjir syn referein oer.

Refereyn.

De Philosophen wijs, ende hooch gheleert,
 In verscheyden Consten ons onderwijsen,
 Maer een wort aldermeest van haer ge-estimeert
 Die den Godt Mercurus eerst heeft ghe-inunteert,
 D' welck is Rhetorica niet om volprijsen
 Want wt haer meest alle Consten rijsen
 Sy is de Suster van d 'Edel Musijck,
 Sy doet der menschen herten verjolijsen
 Sy is vol gheleertheit en van Reden rijck,
 Sy is Jupiter in hoocheyt ghelijck.
 Sy can alle sorghe en droefheit verjaghen
 Sy is de Fonteyn van alderley practijck
 Sy is gheluckich in al haer aenslaghen
 Sy en is niet bewreest voor der Zoilisten laghen
 Sy deylt elck haer gaven naer gheleghentheit.
 Sy ist, daer men af spreekt met groot behaghen
 Const 'jonst 'deucht 'vreucht 'spruyt 'uyt 'welsprekenheit.

Xenophon, en Calisthenes, heusch van spraken
 Ulysses worden, vloeynde als honich soet
 Verwecken ons om Rhetorica te ghenaken
 Homerus, leert oock vlijtich te waken
 Om van haer te vercrijghen deuchts ouervloet,
 Trinæus schreef eertijts treff'lijcke spreucken vroet
 Isocrates in 't dichten de soetheyt sochte,
 Philistus hadde in scherpsinnicheyt spoet
 Lysias inde subtijlheit der Reden wrochte
 Lelius de lichticheyt, en de waerheit ontknochte
 Ephorus, Theopompus, hadden schoon intentien,
 In 't argueren; Dus elck t' sijn by-brochte
 Om te vermeereren t'lof der Eloquentien,
 Cicero maeckte Oratien vol schoon sententien
 En hadde tot dees Conste groote ghenegentheit
 Haer toe-schrijvend', dees spreucken vol excellentien
 Const 'jonst 'deucht 'vreucht 'spruijt 'uyt 'welsprekenheit.

Aristoteles treffelijck van verstant
 Inde Philosophy, soo griecx, als Latijne,
 Heeft van des Const te schrijven hem cloeckelijck vermant
 Haer geuende lof-spreucken menigher hant

Door sijns gheleertheit, blinckende schijne,
 Hij heeft ons voor ghetrocken een rechte lijne
 Laet ons de selue volghen, met cloeck verdrach
 Imiterende Themistocles disciplijne
 Die hem steeds bedroefden, soo haest als hy sach
 Ander liens wercken comen aen den dach,
 Hem seluen vindende met traecheyt beladen
 Hy raet elck te wercken naer dat men vermach
 Om soo in Hengsten-borns-vloet, te moghen baden.
 Polycletus, Lysippus zijn niet te versmaden
 Want van haer roem schrijven sy mee bescheyt
 Dus wertse verciert, met dees Cieraden,
 Const 'jonst 'deucht 'vreucht 'spruijt 'uyt 'welsprekenheynt.

Prince.

Prince, Soud ick hier der Reden lof wt-spreken
 Gelijck de Philosophen haer eertijds prijsden seer
 Het sou my aen de maecht voorwaer te veel gebreken
 Dus ist beter, dat ick 't hier by laet steken
 Want mijn verstant te swack' is, en mijn pen te teer
 Om recht te schrijven der Reden rechte eer,
 Van alle deuchden is sy vervult certeyne
 Van haer vercrijgt men al, door Const yu'rich begeer,
 Sy solueert alle vragen suyver, net, en reyne,
 Sy is onder de Goddinnen de puijste greyne
 Pallas heeft op gherecht eenen gouden Pylaer
 Waer op Pegasus staet, t'haerder eer in dees pleyne
 d'Edel Peoen haer deucht hier openbaert
 En wordt besproeyt met Consts-borns-water claer
 Van al haer gheesten door Redens zeghentheynt
 Die haer ver-eeren met dees spreuck allegaer
 Const 'jonst 'deucht 'vreucht 'spruijt 'uyt 'welsprekenheynt.

Ick dorst naer een.

Claude Fonteyne.